

Bijlage VWO
2008

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

HERMAN VAN VEEN

- (1) It libben falt net altyd ta. Mei krysttyd bygelyks is it foar guon hielendal gjin feest. Sy ite in stikje koeke mei boerebûter as wat-foar-by-de-kofje en
5 bakke jûns in pikepoatsje foar by de jirpels. Oaren sykje nei de sin fan it bestean troch nei de krystnachttsjinst te gean of wat langer as oars te winkeljen.
- (2) Gelokkich is der foar al dy minsken Herman van Veen. Jo moatte witte: Herman van Veen hat *antennes*, *ynstruminten* om emoasjes op te fangen en te werkennen.
- (3) Lêsten wie ik mei Andries en Nyk (en Meindert) nei in konsert fan it NNO om nei Shostakovitch te harkjen. Yn it skoft kaam der in fertsjintwurdiger fan Music in Me op it toaniel. Dy organisaasje set him yn foar de bern yn it Midden-Easten ('Me'). Hy frege ús 'Vriend' te wurden. Hy sei: "Herman van Veen heeft gezegd: 'Met muziek kun je niet schieten!'" Fansels tocht er
20 dat de hiele seal it mei him iens wie, om't Herman van Veen no ienris Herman van Veen is. Mar de man hie gjin rekken holden mei fjouwer betûfte artystekenners.
- (4) Mei muzyk kinne je omraak sjitte. Tink mar oan it Horst-Wesselliet dat de Dútske soldaten yn de Twadde Wrâld-oarloch ûnderweis nei it slachfjild songen, of oan de hitsige folkrock dy't
35 op de Balkan de minsken de kop gek makke. Tink ek mar oan rassistyske útwassen fan de hjoeddeiske popmuzyk, dy't de oanhingers opswyppet ta ûnfoege gewelddiedigens.
- (5) Muzyk makket minsken stikken.
- (6) Mar as Herman van Veen seit dat it net sa is, is dat kenlik sa. Miskien komt it wol om't er in clown is, in kenner fan
45 de minsklike swakheden. Set er in read noaske op, is er in oar! Neist suvere passy hat er foaral in hiel soad libbensynsjoch. Dat witte syn fans, mar dat wit er sels it bêste.
- (7) Dochs sis ik op 'e nij dat muzyk minsken stikken makket. Tink mar oan de Silent Nights dy't dizze dagen *foar de Kryst* yn *alle* winkels te hearren binne. Tink sowieso mar oan winkelmuzyk, oft it no yn de Gamma, de
50 Praxis of de Hema is.
- (8) Mannen as Herman van Veen en Stef Bos meitsje harren skuldich oan de globalisearring fan passy en gefoel. *Se beare as soenen alle minsken oer de hiele wrâld itselde tinke en fiele.* Se miene dat se as artyst ferstân hawwe fan it libben, se *byldzje har yn* dat se Mozes binne en it folk wol efkes liede sille.
- (9) Ik fyn dat arrogant. Goeie artysten nammentlik jouwe ta dat se gjin antennes hawwe. Gordon bygelyks. Syn grappen binne sa flau, syn ferskes binne sa min, datst tinkst: dat kin net
65 wier wêze. *Hoe kin er miene dat der ien yn de seal sitte sil, dy't aardichheid hat oan 'e foarstelling.* Dàn hat in artyst dy dêr't er dy hawwe wol. Syn antenne is dat er dyn oardiel omset yn dyn tekoart oan ynskattingsfermogen. Wêrom docht Gordon altyd sa frjemd? freegje ik my altyd wer ôf. Wat sit der dochs achter dy nuvere fratsen?
- (10) Gordon is in rasartyst (en dat mien ik), Herman van Veen is in dûmny fan it meast foute soort: in moraalridder ferklaaid as clown, in betsjinner fan wurd en kabaret. Hy bespilet syn minsken sa't it alle jierren wer giet mei
80 krysttyd: in soad ferwachtings oer snie, mar alle jierren wer rein.

(11) *Met muzyk kun je niet schieten.*
Herman van Veen sjit mei skerp. Ik
soe him wol belje wolle en dan sizze:

90 “Zeg kaalmans, ik heb overal blauwe
plekken van jou.”

Nei: Jaap Krol op Farsk Ynternettydskrift 2006

Tekst 2

Eelke Lok wit der alles fan

EELKE LOK HAT JIERRENLANG POLITYK FERSLACHJOUWER WEST FOAR OMROP FRYSLÂN. NO HAT ER SYN OANTINKENS OAN DY JIERREN YN IN BOEKJE PUBLISEARRE. YN *DE MOANNE* FERSKYNDE IN BESPREK FAN DAT BOEKJE TROCH WILLEM VERF, DY'T SELS SA'N TSIEN JIER IN SIT HÂN HAT YN DE PROVINSJALE STEATEN AS FERTSJINTWURDIGER FAN GRIENLINKS. DE FOLGJENDE TEKST IS IN BEWURKING FAN SYN BESPREK.

(1) Eelke hat de aardichheid derôf, dat docht bliken. Dat mei, mar wêrom skriuwe jo dan noch in boekje mei de pretinsje oare minsken weardefolle ynformaasje te jaan? Jierrenlang hawwe jo jinsels ek drok makke om fraachstikken lykas streekplannen, Frysk, weryndieling, brêgen en akwadukten, wrotmûzen en sweeftreinen; desennia hawwe jo tusken de politike 'hampelfritsen' ferkeard, harren ferlokke om yn jo programma's mei te dwaan en jo sjoernalistyk foardiel dien mei har strapatsen. En no skriuwe jo in boekje en sjogge om yn ... ja wat eins?

(2) It earste haadstikje begjint wol ûnderhâldend. Eelke nimt ús mei nei de tiid dat er begûn as steateferslachjouwer, hoe't er him fernuvere en hoe't er dingen yn de praktyk learde. Mar de ein fan dat haadstikje is wol in treflike yllustraasje foar de posysje dy't de skriuwer ynnimt. Lok learde troch ûnderfining hieltid wat derby, sa fertelt er ús: "Oant it tiidstip dat ik al wist wat der barre soe, op in stuit dat Deputearre Steaten der noch net iens oer neitocht hienen. Doe bin ik mar ophâlden." Tsjja.

(3) Wat it leuke fan Eelke Lok altyd west hat, is syn spekulative wize fan

redenearyen. Dat docht er ek yn dit boekje en no en dan is der dan suver wer wat fan it âlde entûsjasme te merkbiten. Echt goed ynformearre is er net altiten, mar hy hat der gjin probleem mei en kleurje it plaatsje sels fierder yn. Wa't mei wa belle hat efter de skermen, wa't mei wa yn in âld folkswein saken dien hat, petearen en moetingen dy't Lok net meimakke hat, dêr't er bytiden net iens wat fan heard hat út de earste hân, mar dêr't er sels fan betocht hat hoe't dat wol gien wêze sil. Faak kloppet it byld, bytiden ek net. Under it lêzen bekreop my de fraach: soe it de skriuwer sels noch wol ynteressearje, wêr't it feit ophâldt en de fiksje begjint?

(4) Yn it middelste diel giet er in tal ûnderwerpen bylâns dy't de ôfrûne tritich jier spile hawwe. Wis, men kin net alles besprekke yn ien boek, mar der binne opfallende saken dy't misse. Bygelyks de rjochtsaak oer de fermoarge baggerspeesje dy't mei goedfinen fan in deputerarre mikst wie mei folle lichter fermoarge grûn. De sinleaze oanlis fan in megapark op It Hearrenfean foar grutte yndustryen dy't úteinlik net kamen. It beskikber stellen fan ytlike miljoenen oan sub-

sydzje foar in Amerikaansk bedriuw dat nei in jier of wat al wer fuort wie. It
 65 geliich fan kommissaris, deputearren en kolleezjepartijen oer dy subsydzjes. Om mei sokke ûnderwerpen wat dwaan te kinnen as sjoernalist wie lykwols dossierkennis nedich. En it op-
 70 dwaan fan sokke kennis, sa docht Lok ús yn it boekje te witten, is eins mar tiidfergriemen. Mei miljeu en ekonomy kinne jo boppedat yn Fryslân ek net skoare.

75 **(5)** Oer it ûnderwiis stiet der ek in stikje yn. Benammen de ein dêrfan is, dat wol ik hjir perfoarst kwyt, Lok op syn bêst. Hy weeft ôf mei it obligate praat oer ûnderwiisefterstannen op in tige
 80 persoanlike wize. Seit ferstannige, goed trochtachte dingen dy't út syn hert komme. Oer de measte tema's en oer it ôfslutende haadstik leit lykwols in sauske: och, der wurdt wol fergadere
 85 ("eamele") mar yn wêzen binne de ferskillen tusken de partijen net sa grut. Wat sei, hja hawwe allegearre al fyftich jier deselde punten yn it program.

90 **(6)** Provinsjale polityk wurdt bedreaun troch amateurs en dat is goed. Mei-inoar bestjoere wy de mienskip en it kreauwen dat derby heart, is net altyd like ferheffend. Dat is demokrasy en
 95 better hawwe wy net. Prima dat der

sjoernalisten binne dy't de boel skerp hâlde en dêrmei tagelyk de politisy yn rieden en steaten it gefoel jouwe dat it derta docht wat se by de ein hawwe.
 100 Politisy dy't synysk wurde, moatte ophâlde. Sjoernalisten kinne bygelyks oerskeakelje nei oare ûnderwerpen.

(7) Tsien, fyftjin jier ferlyn, doe't Eelke Lok op syn hichtepunt wie, roppich nei
 105 nijs, breed ynteressearre, doe't er noch net yn it foar fan alles wist hoe't it komme soe, doe hat er wike út wike yn bydroegen oan it ynformearjen en beheljen fan minsken by de Fryske
 110 polityk. Eigenwiis wie er doe ek al, dêr kin in goed sjoernalist ek net sûnder. Mar hy koe him noch ferwûnderje oer ûntwikkelingen en harkers meinimme yn dy ferwûndering. Yn dit boekje hat
 115 er foaral opskreaun dat er dat allegearre net mear kin. Miskien – ik wol yn styl ôfslute mei in spekulaaasje fan mysels – spyt it him freeslik dat er de bêste jierren fan syn libben fergriemd
 120 hat oan sokssawat ûnnoazels as polityk yn Fryslân. Hoecht net, hy hat syn part prima bydroegen. Hy mei der rêstich mei ophâlde as er syn nocht hat. Mar it hat gjin doel en pleagje de wrâld mei in synysk toanset boekje,
 125 dat as ûndertoan hat dat de skriuwer eins alles better wit.

Nei: Willem Verf út De Moanne 3, 2007

Tekst 3

De Wrede Muze

DE WINNER FAN DE GYSBERT JAPICXPRIIS 2005 ABE DE VRIES JOUT DE DOETIIDSKE DEPUTEARRE FAN KULTUER BERTUS MULDER IN WJERWURD OP DY SYN OANFAL DAT DE DICHTER TE PESSIMISTYSK OER DE TAKOMST FAN IT FRYSK WÊZE SOE. DE VRIES FERWIIST DÊRBY NEI DE MUZE; DE GOADINNE FAN (DICHT)KEUNST EN WITTENSKIP BY DE ÂLDE GRIKEN, DY'T EK NO NOCH FRYSK DICTERS FERLIEDT.

- 1 De wrede muze fan it Frysk feroardielet har frijers te skriuwen yn in 'twadde taal', dy't yn it ûnderwiis net werklik de muoite wurdich is. Yn in taal dy't net heechachte wurdt troch wa't him prate, dy't amper lêzen wurdt yn de stêden en doarpen fan de eigen provinsje, dy't ôfslyt op de dyk en oan de oare kant monumintalisearret en ferkitscht yn de literêre rûnten fan ús tiid; in taal dy't ynstitúsjonalisearret¹⁾ oan de fergadertafels fan ús bestjoerders-mei-de-bêste-bedoelingen, en tagelyk fan bloedearmoede stadich stjert, dêr't er it leafst brûze en siede wol. Oanlûke en ôfstjitte: dizze muze is ien dy't jin as skriuwer of dichter folslein opeasket en jin tagelyk ta in soarte fan talige ballingskip feroardielet.
- 2 Ik tink, alteast foar in part, ek foar oare dichters en skriuwers te praten – minsken lykas my dy't op skoalle net of amper Frysk hân hawwe; dy't net út ien of oar spesjaal 'Frysksinnich' en taalgefoelich fermidden komme; dy't har op in protte mominten eins folle better rêde kinne yn it Nederlânsk, mar dochs besykje yn it Frysk te skriuwen; minsken dy't ek noch sa út en troch ferantwurdlik holden wurde foar in hjoeddeistige 'renessânse' yn de Fryske poëzij.
- 3 Om te begripen wat it foar in dichter betsjut om ferballe te wêzen út de eigen taal wei, moat men earst in idee hawwe fan de funksje fan taal yn it skriuwproses. Foar de Russyske dichter Brodsky wie de dichter it ynstrumint fan syn taal, dejinge dêr't dy taal troch sprekt, en men soe dêroan taheakje kinne: fit en linich bliuwt, de taal it libben hâldt. Dat is in radikale, mar net ûnbegryplike of aparte opfetting. It is ommers foar in grut part de taal sels dy't it gedicht foarmet. Foar it ear ropt de spesjale taalmuzyk syn eigen ferfolch op, wylst op it ynhâldlike flak yn de wurden fan in taal in protte betsjuttingen en assosjaasjes meitrijle dy't eardere brûkers dêroan jûn hawwe.
- 4 In dichter fan myn generaasje hat in probleem, of tûzen-en-ien problemen, as er syn ear liene wol foar de ynflústeringen fan de Fryske 'ingel fan taal'. It wurdboek moat der altyd by, oars kin er net alles tsjutte en pleatse. De grammatika is er net altyd wis fan. Likemin as fan de stavering. Syn bondels en essees moatte earst nei in korrektor. Hy wit net altyd oft in wurd, in útdrukking of in siswize te âlderwetsk is, of wannear't in âldere foarm krekt noch wol op syn plak is. Unbedoelde effekten slûpe sa syn poëzij yn. Hy hat net daliks yn de gaten dat er in dialektfariant brûkt. Ek al skriuwt er foar syn gefoel ienfâldich, dan noch merkby't er letter faak dat de minsken dy't him it neist binne, syn taal 'dreech' fine. De moaiste fersen kin er meitsje, mar hy sjocht dat der mar in ferrekt lyts bytsje publyk is foar de muzyk dy't er makket en dat der net folle literêre kultuer is: dat der gjin antwurd genôch komt, dat der te min op nivo debattearre wurdt. Net om 'e nocht is der in lange rige fan skriuwers en dichters dy't de Fryske literatuer de rêch takeard hawwe, út in gefoel fan teloarstelling wei, frustraasje, ûnmacht, wurgens.
- 5 Fansels binne der ek ljochtpunten en tûzen-en-ien mominten fan befrediging, fan kontakt, fan opwining. Der is in lytse, aktive ploech talintearre entûsjastelingen en der binne relatyf stevige literêre foarsjenningen en subsydjeregelingen. Lykwols dogge dy pluspunten úteinlik te min ôf oan dat gefoel fan ferballe te wêzen, of te wurden, út jins eigen taal, en dat komt mei om't ús bestjoerders-mei-de-bêste-bedoelingen de delgong fan de taal net witte op te kearen en, folle slimmer, faaks net werklik opkeare wolle. In radikale útwreiding en fer-

bettering fan it ûnderwiis yn it Frysk is it iennichste dat dêr ta by steat is, en sok belied út te stellen en ta te rieden en dêrfoar te fjochtsjen doart deputearre fan Kultuer Bertus Mulder net oan. Dêr steane Provinsjale Steaten net achter. En it kin it grutste part fan de Fryskpraters nei alle gedachten gjin donder skele, nuver mar wier.

- 6 Is it sa besjoen net ien fan de wrede grappen fan ús muze dat der krekt yn dizze taalsituaasje en by dizze generaasje praat komt fan in ‘renesânse yn de Fryske poëzij’? It liket – en ik hoopje dat it net allinnich *wishful thinking* is – as wol dy poëzij har losmeitsje fan de reëel besteande taalomstannichheden yn in ynstinktive kar foar de flecht nei foaren. In ‘foaren’ dat leit yn it jinsels in selsbewust plak takenne fan in beskieden, mar dúdlik te ûnderskieden ûnderdiel fan de grutte Europeeske skriftkultuer. It giet dêrby net om it ‘Europa fan de folken’, sa’t dat yn de Frysk-nasjonalistyske hoeke sa entûsjast heechholden wurdt; wat my as dichter dwaande hâldt is it ‘Europa fan de literatueren’. Dêr moat de Fryske literatuer mei syn skiednis fan mear as fiifhûndert jier ek ta rekene wurde – al hat Europa dat faaks noch net sa yn ’t snotsje.
- 7 It is faaks de ‘ûnwennigens nei in wrâldkultuer’ dêr’t de útwei leit. Wêrom

soe it foar in Fryske skriuwer net mooglik wêze en jou in sinfolle en kânsrike bydrage oan it libbene fuortbestean fan syn taal, sûnder dat er him yn de âlderwetske sin fan it wurd algeuerich as in ‘beweger’, in taalaktivist opstelle moat? Dy mooglikheid leit yn it omtinken dat syn literatuer om utens lûkt, en yn de oansluting dy’t syn literatuer om utens fynt. Dêr kinne taal en taalbewustwêzen faaks in nije dynamyk fan oppikke.

- 8 Dy’t him de idealen fan de Jongfriezen²⁾ yn it sin bringt, tinkt no faaks oan âlde wyn yn nije sekken. Mar der is wol in grut ferskil: ús wrede muze hat net langer in polityk-nasjonaal of folksopfiedend skelkje fan de Fryske beweging foar. Dêrfoar is it besef ûnder dichters dat sy libje yn in ‘ynterkulturele romte’ – it skimergebiet fan ferfrjemding tusken twa kultueren en twa talen yn – hjoed de dei fierstente djip en te grut. Lykwols is der ek in oerienkomst mei de Jongfriezen: Fryske poëzij dy’t besiket in plak te feroverjen ûnder de Europeeske sinne kin noch altyd in ‘kultuerpoëzij’ wêze sa’t Douwe Kalma dy foar eagen stie. Dan giet it om in poëzij dy’t it eigene fan har literêre tradysje, en har eigen ûnderfining fan ferfrjemding, delset yn it ramt fan in gruttere en bredere kulturele rûnte.

Nei: Abe de Vries út De Moanne 1, 2006

noot 1 Ynstitúsjonalisearje is it ta in fêste en akseptearre ynstelling meitsjen, yn dit gefal fan it Standertfrysk as fiertaal.

noot 2 De Jongfriezen, Jongfryske Mienskip of Jongfryske Beweging wie yn it begjin fan de tweintichste ieu in groep minsken dy’t ûnder lieding fan Douwe Kalma de Fryske literatuer op in heger plan bringe woe om ek it Frysk en it folk omheech te stjitten. De literatuer stie yn tsjinst fan de taal.